



# **KAMELEN**

(Frysk)  
(Kamelen)

**In absurd toanielstik fan**

**LUK GIJSBRECHTS**

**Fryske oersetting**

**Gurbe Dijkstra**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**

**Tel: 072 - 5 11 24 07**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

**Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **KAMELEN (FRYSK) - KAMELEN** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **LUK GIJSBRECHTS** en vertaler: **GURBE DIJKSTRA** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

© 2024 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **2** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË:** Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,

**E-mail: [rechten@toneelfonds.be](mailto:rechten@toneelfonds.be). Telefoon (03)3.66.44.00,**

**Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

1. Eigener fan it appartemint
2. Potte- en panne-ferkeaper

## **DEKOR:**

In leechsteand appartemint, der stiet allinne in akwarium mei trije piranja's deryn.

*(1 en 2 binne sawat like âld. 1 is de bewenner fan it hast lege appartemint, 2 is deselde dy't it appartemint besjen sil om it eventueel te hieren. 2 hat in swiere koffer by 'm. De bel giet, 1 nei de doar om iepen te dwaan)*

**2:** Goeie middei menear, ik kom foar it appartemint. *(triuwt 1 oan kant en strompelet de keamer yn)*

**1:** Kom deryn.

**2:** Hèhè, ik moat earst even sitte, hear. 22 ferdjippingen en de lift is stikken! *(pûst út, besjocht keamer belangstellend. (wriuwt oer flierbedekking) Soa... dat is in moai kameeltsje dat jo hjir lizzen ha.*

**1:** Drommedaris.

**2:** Pardon?

**1:** Dy flierbedekking is fan drommedaris-hier.

**2:** O. Mar it liket op elkoar, net?

**1:** De priis net.

**2:** Dat is logysk hin. Der is ek in hiel ferskil yn kwaliteit tink. Bliuwt it lizzen as jo... folslein ferhuze binne, bedoel ik?

**1:** Ik tink it wol. It past hjir no krekt sa moai.

**2:** Moai, moai, prima. Moai behankje ek... Wat hat dêr hongen? *(wiist nei keal plak op de muorre)*

**1:** De Mona Lisa.

**2:** It is net wier... Binne jo fan fan de Mona Lisa?

**1:** Ja, jo net?

**2:** Jaja. Ik ha ek ien, en ik tink dat er like grut is as dy fan jo. Dus dat is handich, dan kin ik dy dêr moai del hingje en dan hoech ik net te behingjen, no! *(laket licht oerdreaun)*

**1:** Ik tink dat wy bêst freonen wêze koene. We ha sawat deselde kulturele ynteresses merk ik. *(nei doar, draait 'm op slot, hâldt kaai yn de hân)*

**2:** Wêrom dogge jo de doar op slot?

**1:** Dat doch ik altyd. Sjoch, it siicht hjir nochal wat en dan waait de doar iepen, dus dan doch ik 'm op slot. Hat neat te betsjutten.

**2:** O. Is dit in ljochte keamer?

- 1: In hiel ljochte keamer.
- 2: Wêrom ha jo dan de gardinen net iepen? It is in prachtige dei hjoed, en ik tink dat jo hjir in prachtich útsicht ha.
- 1: Ja, sjogge jo, ik ha nochal wat lêst fan migrêne, menear, te folle en te fel ljocht is net goed foar my, en dêrom ha ik de gardinen it leafst ticht. Mar gean jo gong, doch se mar iepen en sjoch sels... dit is in hiel ljochte keamer.
- 2: *(docht gardinen iepen, it sinneljocht falt de keamer yn)* Oooohhhh... wat in prachtich útsicht! *(1 kreunt ynienen)* Is der wat menear?
- 1: Migrêne... skoaten fan pine... wolle jo asjeblyft de gardinen wer tichtdwaan?
- 2: Fansels. *(docht it)* Doch spitich dat jo net genietsje kinne fan dat moaie útsicht.
- 1: Ik genietsje dêr wol fan. Mar op oare mominten. Foaral moarns en jûns, as de sinne opkomt en as er ûndergiet, as ljocht en tsjuster yn elkoar oer geane. Dan bin ik net fan it balkon ôf te slaan, ik hâld...
- 2: *(ûnderbrekt)* Is dat de keuken, menear?
- 1: Ja.
- 2: *(giet derhinne, komt daliks werom)* Sis, dy kraan, dy wurdt doch wol makke, no?
- 1: Jaja.
- 2: Sjoch, ik kin net oer monotoane lûden: drippende kranen, wekkers, horloazjes en sa, dêr wurd ik gek fan. De sliepkeamer? *(wiist)*
- 1: Ja, en dêr achter de útfanhuzerskeamer. *(2 der hinne te sjen, 1 boartet yntiid mei de kaai by it akwarium. Tinkt dúdlik nei. 2 komt werom, bliuwt sûnder wat te sizzen yn de doar stean)* Is der wat mis mei de sliepkeamer?
- 2: Nee, der is neat mis mei de sliepkeamer, en mei de útfanhuzerskeamer en de keuken ek net. Der is hjir neat mis, en dat set my krekt oan 't tinken.
- 1: Nim my net kwea ôf, mar ik leau net dat ik jo begryp.
- 2: Dat is doch simpel? As minsken ferhúzje, dan dogge se dat omdat der wat oan it appartemint skeelt. Hjir is op it earste gesicht hielendal neat mis, mar der moat wat wêze. Ik freegje jo op de

man ôf: wêrom wolle jo hjir wei? (*swijt*) Kloppet de priis op it buordsje miskien net?

1: Jawol, de priis kloppet.

2: Wêrom wolle jo hjir dan yn fredesnamme wei?

1: Lit ik sizze dat ik in privee-reden ha.

2: Privee-reden? Harkje menear, mei dy útlis kin ik gjin kant op. Jo moatte beseffe dat ik de potinsjeel nije eigener fan dit appartemint bin. Ik ha rjocht op alle mooglike ynformaasje. Sis it dus mar.

1: ...Goed, it binne de fisken.

2: De fisken?!?!?!?

1: (*steane no by it akwarium*) Dy kinne hjir net aardzje. Ik ha fan alles besocht om it se nei 't sin te meitsjen, mar se ferkommerje. Ik tink dat se deagean as se noch in wike yn dit appartemint bliuwe moatte.

2: O sa. (*bûcht oer it akwarium*) Wat binne it? Goudfisken?

1: (*lilk*) Goudfisken?!?!?!?! Mar kom op menear, sjogge dy derút as goudfisken? Ja, sjoch noch mar es goed! Dat binne doch piranja's, menear!

2: Piranja's? (*sjocht nochris goed*) ...En se kinne hjir net aardzje?

1: Nee, se ha fan ôf it begjin in hekel oan dit appartemint, en it gekke fan piranja's is: dy feroarje noait fan gedachten. De earste yndruk dy't se krije is definityf. (*hinget boppe it akwarium en boartet mei de kaai*)

2: It binne wol moaie fiskjes, hin?

1: Fine jo? De measte minsken fine it mar gedrochten.

2: Nee, ik net. Ik bin gek op piranja's. Goudfisken ek, mar dy ha safolle karakter net.

1: Wol, wol... ik sei it sakrekt al menear, ik tink dat wy goede freonen wêze koene. Litte we gesellich noch wat prate.

2: Nee.

1: Hoesa nee?

2: Nee, ik ha 't net oan tiid, menear. Ik moat oan 't wurk, nei de klanten. Soa. Dit appartemint liket my wol wat. Ik tink der noch even oer nei en jûn lit ik it jo witte.

- 1: Kin dat no net?
- 2: Ah nee, sa giet dat net, hin. Foar't je in belangryk beslút nimme moat dêr altyd earst oer neitocht wurde. De klanten dogge dat ek. Allinne dy **dogge** oars net, mar dat is myn probleem. Dus jûn kin ik jo sizze oft ik it appartemint nim ja of nee.
- 1: Ik fyn it net leuk dat jo my allinne litte.
- 2: Sa is 't leven, no menear... it wurk... de klanten...
- 1: Ik fyn dit echt net leuk!!!! (*lit kaai yn akwarium falle*)
- 2: (*nei in frij lange stilte, wêryn't se om beurten nei elkoar en nei de kaai sjogge*) Jo ha de kaai yn 't akwarium falle litten.
- 1: Ja, wis en seker.
- 2: Kinne jo dy der dan miskien wer úthelje en de doar iepen dwaan sadat ik nei de klanten kin?
- 1: (*mei in gesicht fol spyt*) Nee.
- 2: Hoesa net? Jo hoege ommers allinne de earm mar wiet te meitsjen om dy kaai te pakken! Is dat sa'n probleem?
- 1: Jawis, in levensgrut probleem sels. Set dy koffer mar even wer del.
- 2: Dat ha 'k net oan tiid, menear. Harkje, as jo it net dogge helje ik 'm der sels út. (*docht mouwe omheech*)
- 1: Nee, doch dat net! Doch dat asjebleaf net!
- 2: Wêrom net? It binne ommers mar fisken.
- 1: Mar wol piranja's... en se ha honger!!
- 2: Hearken ja, it binne piranja's... dy ha tosken hin?
- 1: Levensgefaarlik skerpe tosken sels.
- 2: Bedoele jo dat se...
- 1: ...bite? As ien fan ús de earm yn dat akwarium stekt, bite se, rekkenje dêr mar op.
- 2: En se bite...
- 1: ...troch ja, seker as se honger ha.
- 2: En se ha no honger? (*1 knikt*) Dat is in probleem sis! Hoe kinne jo no sa stom wêze en lit dy kaai falle.
- 1: Ik wit it, it wie stom fan my, mar it wie in ûngelokje, hy foel my samar út de hannen.
- 2: Doch stom net!



1: Sorry.

2: En no? Wat no?

1: Wachtsje, en miskien wat prate om de tiid te deadzjen.

2: Mar ik ha 't net oan tiid om te wachtsjen menear! As ik hjoed dit listje mei klanten net bydel gean, kin ik myn baan wol dach sizze. Kinne jo dy fiskjes net wat te iten jaan? Dan ha se ôflieding en kinne wy sûnder gefaar dy kaai pakke.


1: Sjoch, normaal ite se stikjes kofleis...

2: ...en dat ha jo fansels net yn 'e hûs. Mar jou se dan wat oars, menear!

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407

**TONEEL**  
**UITGEVERIJ**  **INK**

“Samenspelen” is ons motto